2021
2022

RYSK
SELSKIP SWOL

Jiergong
50

Oan

Lede-administraasje: Brethouwerstraat 15,
8043 AZ Zwolle

oprjochte 8 febrewaris 1899

sinds 1860
anderhalve eeuw
Kappers
gastvrij tot uw dienst
Anjerpunt
Graach oant sjen!

Kerkstraat 7 | info@kappers-horeca.nl | tel. 0529 401281
7722 LR Hoonhorst - Dalfsen | www.kappers-horeca.nl | kappershoreca

Jou omtinken oan ús advertearders

It Frysk Selskip Swol wurdt stipe troch: Café Restaurant Partycentrum "Het Boskamp", Sterrebosweg 2, 7722 KG Dalfsen

www.hetboskamp.nl

piano's - vleugels - orgels - kleininstrumenten

stemmen - onderhoud - verhuur

DE GRAAF MUZIEK BV

hanekamp 2-8, zwolle, telefoon (038) 453 55 87

BESTJOER

foarsitter	Jan Bosgraaf	Smitserf 42 7951 JG Staphorst 0522 464718 janendjoke@home.nl
2e foarsitter / 2e ponghâlder	Henk Monkel	Gentiaan 23 7721 HA Dalfsen 0529 433175 henmmonkel@kpnmail.nl
skriuwer	Jolanda Lootens	Brethouwerstraat 15 8043 AZ Zwolle 038 4200066 jolandalootens@live.nl
ponghâlder	Sjoerd Bakker	Koelmansstraat 10 7722 LX Hoonhorst 0529 401683 sdabakker@outlook.com
2e skriuwer	Jan-Tjerk Kuipers	Mandenmakershoek 5 8131 CZ Wijhe 0570 522329 jantjerkkuipers@gmail.com
lid	Annet Nieuwenhuis – Kokké	Schuttevaerkade 103 8021 HD Zwolle 038 4537836 annetnieuw@planet.nl

Lede-administraasje
Jolanda Lootens, Brethouwerstraat 15 8043 AZ Zwolle 038 4200066

IBAN rekkennûmer
NL95 RABO 0377 3373 66 op namme fan Frysk Selskip Swol

KONTAKTPERSOANEN

Dalfsen	frou F. Smits	Vechtoever 11	0529 432436
Elburg	frou L. van der Graaf – Bosje	Paardebloem 3	0525 681135
Hattem	frou W. Steenbeek - Boschma	Hendrikjesweg 46	038 4442894
Kampen	frou J. Wiegersma	Nijverheidsstraat 11	038 3311670
Wezep	hear K. IJtsma	Scheerderslaan 8	038 3769007
Wijhe	hear F. Kunst	Stationsweg 28	0570 521931
Zwolle			
Aalanden	frou C. Penning	Potmarge 27	038 4541272
Assendorp	frou A. Groenland	Ranonkelstraat 8	038 4220741
Berkum	hear J. Visser	Eikenlaan 12	038 4548808
Binnenstêd, Dieze en Veerallee	fam L. Nieuwenhuis	Schuttevaerkade 103	038 4537836
Holtenbroek	frou H. Osinga	Reggelaan 55	038 4549429
Stadshagen	frou J. Lootens – Berg	Brethouwerstraat 15	038 4200066
Westenholte en Spoolde	frou A. Wieling - Joukema	Voorsterweg 42 – 301	038 4218525
Wipstrik	frou W. de Vries - Boersma	Carry van Bruggenstraat 25	038 4543033
Zwolle – Súd	hear J.H. Zijlstra	Dreessingel 88	038 4542562

It Frysk Boun om Utens

De jubileumkommisje fan it Boun wurket oan de betinking en fiering fan it 100-jierrich bestean fan it Boun op **sneon 16 septimber 2023**.

Mear ynformaasje oer it Frysk Boun om Utens en oer de by it Boun oansletten kriten is te finen op 'e webside fan it Boun: www.fryskbutenfryslan.frl

MEIDIELINGENBLED FAN IT
FRYSK SELSKIP SWOL
Jiergong 50
nûmer 5
Oprjochte 8 febrewaris 1899
gersmoanne 2022

FERBINING

Dit winterskoft is 'Ferbining' it biedwurd foar ús krantsjes. De 8 brêgen en fiadukten op de efterside tsjinje as metafoar foar de ferbining tusken minsken. Dy ferbining kaam yn de earste moannen fan de Koroanakrisis op bjusterbaarlike wize ta utering. Mar nei ferrin fan tiid saksearre it gefoel fan ienriedigens. Diskusjes oer it faksinearjen en alle beheiningen soargen foar ûnrêst yn de maatskippij. Demonstraasjes rûnen folslein út 'e hân en it húslik geweld naam ta. Wylst 'húslik' no krekt gesellich en smûk betsjut. Troch de twaspjalt dy't ûntstie, rekken hiel wat ferbiningen ferbrutsen.

Dêr is lykwols gjin pandemy foar nedich. It bart ek as manlju tsjinoer froulju oer de skreef gean troch bygelyks in dickpic te stjoeren. Kenlik sitte der by sokke manlju in pear triedsjes los dy't yn de boppekeamer koartsluting feroarsaakje. Oer sok hâlden en dragen ûnstie yn jannewaris / febrewaris hiel wat opskuor. Eh … in dickpic? Ja, eartiids hjitte dat in pimelfoto. Dan wie it foar elts dúdlik om hokker ding it gie. Mar hjoed-de-dei moat it Ingelsk wêze, lykas mei safolle wurden.

De konsternaasje dy't hjirtroch ûnstie, raande as snie foar de sinne doe't op 24 febrewaris it Russyske leger Oekraïne yn foel. We hâlden it net foar mooglik dat soks ea wer barre soe. Mar we sjogge mei eigen eagen de gefolgen fan de waansin fan de oarloch en it ferbrekken fan ferbiningen tusken miljoenen minsken. Tûzenen foar altyd!

Yn dizze ûnwisse tiid moatte we ús paad sykje. Ek as Frysk Selskip Swol. Lokkich is dy ferbining, nettsjinsteande alles wat barde en bart, yn stân bleaun. Dêr meie we mei-inoar wol in bytsje grutsk op wêze. Al sille se ús dat net sa gau sizzen hearre.

Dêrom earst mar op nei de ledegearkomste en de Fryske tsjerketjinst *(sjoch de middensiden).* En alfêst yn sûnens in moaie en sinnige simmer tawinske. Yn frede!

Jan Bosgraaf (foarsitter)

Moed hâlde minsken!

OER SKÛTSJES, SKIPPERS(KES) EN REEDRIDERS

freed 18 maart 2022
De Weijenbelt, Zwolle
oer 'Skippers en Reedriders' mei Age Veldboom en Bennie Huisman
42 besikers

No soe it sa wêze; in freedtemiddei sûnder beheiningen troch Koroana lykas yn oktober foarich jier, gjin stoarm dy't oer ús lân raast lykas yn febrewaris, mar in moaie maitiidsmiddei mei in programma oer de skiednis fan it skûtsje en it libben fan de minsken op de skûtsjes. Mar wat bart der? Herman Woltman, de gitarist fan de foarstelling 'Myn Skip' hat Koroana. Sûnder syn begelieding komme de lieten dy't Ella de Jong sjongt, net ta syn rjocht. En sûnder dizze beide minsken is der gjin ôfwikseling mei de ferhalen fan Age Veldboom. Foar de tredde kear giet de foarstelling net troch! Dit hawwe we noch nea meimakke.

Sadwaande sieten we mei de kloaten foar it blok, om it yn skûtsjetaal te sizzen. Mar Friezen lizze fan ien slach ek net om. Dat jilde foar Age Veldboom ek. Hy kaam fuortdaliks mei it foarstel om, tegearre mei Bennie Huisman (by ús wol bekend) in programma te bringen oer skûtsjekippers en reedriders. No, dêr hoegden we net lang oer nei te tinken. It lêste dat we woenen, wie de middei ôfblaze.

En sa belânen we dy moaie maitiidsmiddei ûnferwachts yn winterske sfearen. Bennie song der lieten oer en Age fertelde ferhalen. Dat skûtsjeskippers, as winters alles tichtferzen wie, mei sliden de molkbussen by de boeren ophellen en nei it molkfabryk brochten. En dat se fan de iene iisbaan nei de oare reizgen om wedstriden te riden. Sa besochten se winters troch de tiid te kommen. Dizze en oare ferhalen oer skûtsjeskippers en -skipperkes fertelde Age op syn bekende, entûsjaste wize. Ek oer it skûtsje en it silen mei dit typysk Fryske skip fernijde Age de minsken it ien en oar. Dy ferhalen waarden ôfwiksele mei lieten fan Bennie oer reedriden, de winter en de maitiid. De refreinen wiene om mei te sjongen. Bennie fertelde ek oer it skouke dat syn pake foar him makke. En hy droech de *Ballade fan Longerhou* fan Wybren Altena foar. It wie gjin foargefoel of yntuysje fan my, mar de ballade stie al yn dit krantsje.

Sa waard it in middei mei in moai ôfwikseljend programma, dêr't de oanwêzigen mei in soad nocht nei harken. Al foel de opkomst wat tsjin. We hienen dizze middei wat mear minsken ferwachte. Dy't der net wiene, hawwe in hiel noflike middei oan harren foarby gean litten. It is net oars! Lits ús sizze: oare kear better. *(JB)*

"In tút? Hwatsei? In echte tút?
Us heit, dy soe wol roppe:
"To-loevert yn, to-lij wer út.
En my fan 't hiem ôfskoppe."

"Jim heit," spriek hy, "hat tritich kij,
en kin gjin tútsje risse?
Of kin men op in buorkerij
nou hielendal neat misse?"

Se sei: "Wy kinne dit petear
noch krekt foar achten slúte.
Ik bin in dame, wês jo hear.
Der wurdt troch my net túte."

"In tút", ropt hy, en wurdt aktyf.
"Dat ha 'k fortsjinne, blinder.
Ien lúzich tútsje is it taryf.
Ik doch it net foar minder."

Se stapte fuort....En dêr't se stie,
dêr foel de snie by tommen.
En by de wyn, dy't útwaeid wie,
bigoun in stoarm to kommen.

Noch nea hie, as op dizze joun,
sa feal en skier de wrâld west.
Noch nea hie Simen, oars wol soun
sa trilderich en kâld west.

Hy koe der net goed by, mar oars:
hy hie syn bloed opdronken.
De wjerljocht spile 'm om 'e noas,
syn eagen skeaten fonken.

Hy rôp - doe't er wer prate koe -
sawn kear fan 'snotfordikke".
En biet, omdat er bite woe,
twa stikken út in hikke.

Doe socht er om syn rostich mês,
en kraeide as in hoanne,
en taestte nei syn lúsjefêrs,
en rôp: "De boel sil barne".

Mar beide wapens wiene thús.
Yn d'oare broek. Forgetten.
Doe skeat er fuort, hwat stiif fan krús;
dêr wie de kjeld yn sketten.

Syn pet gie mei syn hier oerein.
Hy skriemde hagelstiennen.
En oer de baen, it hiele ein,
rinkinkelen de triennen.

Hy sloech de skossen út 'e baen,
en rekke op 'e kletter.
En doe 't er by de brêge kaem,
fleach hy himsels tepletter.

De plysje liet de saek blau-blau,
de brêge is wer makke.
Mar sûnt dy tiid is Longerhou
foargoed yn oansjen sakke.

Noch sit yn 't izer syn profyl,
en, dêr't de ferve swart is,
sjocht elk, hwat yn Eksmoarstersyl
yn sawn en fjirtich bard is.

De faem kaem nea it hûs wer út.
It spûket lâns de kimen.
By jountiid heart se: "Tút-tút-tút,
Hwer bliuwt de tút foar Simen?"

(Wybren Altena, 1971)

'Se rieden krúslings, hwant dat wie sa smûk en goed tsjin 't fallen.'

DE BALLADE FAN LONGERHOU

It iis wie tsjok, it waeide prûs.
It wie yn sawn en fjirtich.
Der ried in kreas jongfaem nei hûs,
yn streken, lang en pittich.

In wite trui mei read poeha,
oan elke hân in wantsje,
in mûtske op har troelala,
mei kninefel op 't kantsje.

It lân wie wyt, de loft wie grau,
gjin waer foar berneweinen.
Nou giet in faem oer iis wol gau,
mar einen bliuwe einen.

It wie sa kâld, dat lâns de wei
elk lichemsdiel rampoai frear.
Lykas Gysbert Japicx ek al sei:
"Het is gewoon niet mooi meer."

Sa fyntsjes wie 't, sa kriperich,
dêr wie net oan te wennen.
De Stiennen Man waerd griperich,
en hie sels winterteannen.

De skiere snieloft stie nei snie.
De sinne wie hwat sinnich.
De faem, dy't twa en tweintich wie,
ried, sa't ik sei, allinnich.

Mar sjoch, doe 't yn 'e reiden hja
hwat dwaen moast....oan 'e rimen,
hwa streke doe op Geartsje ta?
De froastforjeijer Simen.

En as in warber fiskerman
ûntrôlle dy syn fûke:
"Hallo, hwat sizze jo derfan,
sil ik jo efkes lûke?"

Hy krige it klear. Jawis, hwat oars;
hwat is in faem allinne?
En frege mei syn reade noas:
"Hwer moatte jo einliks hinne?"

Sy molk har noas en sei doe: “Nou,
nei hûs fansels. Hwat tocht er.
Us heit is boer yn Longerhou,
en ik bin heit syn dochter.

Se rieden achttjin doarpen lâns,
en seis-en-fyftich sleatten.
Foar Cupido in sé fan kâns.
Hy hat de bêste sketten.

Se rieden krúslings, hwant dat wie
sa smûk, en goed tsjin ’t fallen.
En dêr’t se streken, roun de snie
as wetter fan ‘e wâllen.

“Bist evengoed in reuzefint”,
sa klonk it faak fansiden.
‘Hwat leuk, hwat fijn, ik sjong omtrint,
ja, dit is nochris riden.”

Sa ried er mei syn rinkelbel,
it wetter om ‘e kiezzen.
De bosken reiden bûgden del,
faek sûnder wat te sizzen.

De reuzefint fornaem al gau,
se koe ek oargelspylje.
se wie de fleur fan Longerhou,
en rounom siet famylje.

“Bist evengoed in reuzefint.
It sjit al op. Oh blinder.
Dêr is it havenmonumint
fan Longerhou. Wy binn’ der.

Se stoppen, en ja boun har ôf.
Oh, hwa sil dit biskriuwe.
De spanning hong oer Longerhou,
mar woe net hingjen bliuwe.

“Nou, goeije. Sjoch dêr wenje wy,
dat lytse reade rútsje.”
“Moai, fijn sa”, sei er, ‘blij om dy.
Jow my nou mar in tútsje.”

GJIN WINTER 2021-2022

Oan it begjin fan eltse meteorologyske winter (1 desimber) foarseit waarman Piet Paulusma it waar foar de kommende winter. Neffens Piet soenen we dizze winter faker te krijen hawwe mei snie dan yn de foarbye jierren en der koe regionaal wolris in flink pak falle. De perioade(n) mei froast soe(nen) der foar soargje, dat we op syn minst ien perioade langer as in wike op iisbanen of op natueriis ride koene. Hy foarsei ek winterstoarmen, mei of sûnder snie. En ek wat kwakkeljend waar mei hege temperatueren. Der wie net folle kâns op stabyl waar, mei of sûnder kjeld. It soe in winter wurde, mei in soad oerlêst troch foaral winterwaar (glêdens, snie en izel), mar ek troch net-winterwaar. Yn trochsneed soe de winter te kâld oant normaal wurde. It soe in te wiete winter wurde, mei delslach yn hokker foarm dan ek. It sa no en dan rûge karakter fan de winter wie ek opfallend en koe oerlêst feroarsaakje.

No, we witte allegearre wat der fan Piet syn foarsizzing al en net útkommen is. Rûch wie’t bytiden wol en wiet ek. Mar snie en iis? Utsein in pear streken op de Rypstjerksterpolder, hawwe we net op redens stien. We moasten it dwaan mei hast al histoaryske bylden fan de lêste alvestêdetocht op 4 jannewaris 1997 en de film ‘De hel van ‘63’. As it oer histoaryske bylden giet, kin elts fan ús him of har wol bylden yn ’t sin bringe fan winters mei bulten snie en strange froast. Earst jûns nei de ferljochte iisbaan en, as de froast langer duorre, de fearten út en tochten ride. Hoe lang is it wol net lyn, dat we, alteast foar ús gefoel, altyd sokke winters hiene. Wat fansels net sa wie, mar hawar.

Wybren Altena

Om dy sfear fan strange winters op te roppen, stiet op side 14 en 15 ***‘De Ballade fan Longerhou’***, goed 50 jier lyn skreaun troch Wybren Altena (1917 – 1987), skriuwer/dichter en foardrager. It libbenspaad fan dizze man is opfallend. Berne yn in katolyk gesin, soe er earst oplaat wurde ta missionaris, mar letter gie er nei de prysteroplieding. Foardat er ynwijd wurde soe, kaam er ta it ynsjoch, dat dit dochs syn ropping net wie en luts er him werom. Hy waard behearder fan it keunsthûs Statum yn syn berteplak Makkum. Yn de oarloch sette er him yn foar de ylligaliteit. De earste jierren nei de oarloch reizge Altena as foardrager troch de provinsje en nei de Fryske kriten yn de rest fan Nederlân. Altena troude yn 1952. Ridlik gau dêrnei namen syn optredens ôf. Doe’t de famylje yn 1956 ferhuze nei Barendrecht, dêr’t Altena in baan krigen hie as redakteur fan it personielsorgaan fan skipswerf Van Ommeren, hold er hielendal op mei syn wurk as Frysk entertainer. Hy sette tagelyk in punt efter de measte kontakten dy’t er yn Fryslân hie.

(JB)

De lêste boeken foar € 1.-- it stik!

It is suver net te leauwen, mar ús lêste nije boeken geane fuort foar …

… € 1.-- it stik!

Wês der rap by, want OP = OP!!

Freed 8 april 2022 nimt Jolanda Lootens, ús boekeferkeapster, de lêste nije boeken noch ien kear mei. It sil nei alle gedachten de lêste kear wêze. We binne hast troch de foarried hinne en der komme gjin nije boeken mear by.

Der lizze gjin healsliten boeken mear op 'e boeketafel en jimme kinne se ek net mear oan ús kwyt.

FERIENING FREONEN FAN OMROP FRYSLAN

De **Feriening Freonen fan Omrop Fryslân** (FOF), is de stipersferiening fan de Omrop, dy't stribbet nei in goede publike Fryske Omrop foar radio en telefyzje. FOF soarget foar ynformaasje oer Omrop Fryslân en stipet Omrop Fryslân by syn doelstellings en aktiviteiten. FOF hâldt kontakt mei har leden fia it ledeblêd Each en Ear. Yn 'e rin fan it jier binne der ferskate aktiviteiten en eveneminten dêr't leden oan meidwaan kinne. Sjoch op 'e webside www.omropfryslan.nl/freonen of wurdt 'facebookfreon'.

De ledebydrage is op syn minst € 9.-- yn't jier.

*Wa't ek **FREON fan Omrop Fryslân** wurde wol, kin belje nei 06-43903180.*
Of stjoer in e-mail nei freonen@omropfryslan.nl
Oanmelde fia de webside kin ek.

FOLKSHEGESKOALLE SKYLGERALAN

Fan âlds is de **Folkshegeskoalle op Skylge**, smûk ferskûle yn it Hoarnske Bosk, in sintrum fan moetsjen, ferdivedaasje, besinning en kultuer. Inkele fan ús leden komme dêr elk jier. Om te sjongen, te kuierjen, te skriuwen of om putsjes te dwaan. Sjoerd (ús ponghâlder) en Riemke Bakker binne krekt werom fan de jierlikse 'putsjewike'.
Yn 2022 is der wer in grut ferskaat oan allerhande kursussen: skilderjen, byldhouwe, mandela tekenje, dûnsje, sjonge, skriuwe, Fryske taal, besinning lykas yoga, meditaasje, mindfulness, natoertochten, ensfh..
Wa't mear witte wol oer alles wat der op 'e Folkshegeskoalle Schylgeralân te rêden is, kin terjochte op webside www.folkshegeskoalle.frl

DE HICHTE BEKLIMME WY (THE HILL WE CLIMB)

It wie noch gjin twa wike lyn dat yn Washington DC it Kapitoal bestoarme waard troch minsken dy't it net leauwe woene dat Trump de ferkiezingen ferlern hie, doe't by de ynhuldiging fan Joe Biden in dichteres opstie dy't in boadskip hie fan fersoening mei it ferline en fan hoop foar de takomst. Wat makke de foardracht fan *The Hill We Climb* in yndruk, net allinne yn Amearika mar troch de hiele wrâld, Fryslân net útsûndere.



De hichte beklimme wy is de Fryske oersetting fan *The Hill We Climb*, it spoken-word-fers dat Amanda Gorman foardroech by de ynauguraasje fan Biden yn jannewaris 2021. De Fryske oersetting is fan Friduwih Riemersma, mei Michelle Samba as kulturele meilêzer. Riemersma waard foar de oersetting frege troch de Provinsje Fryslân.
De hichte beklimme wy is útjûn yn in twatalige lúkse útjefte mei in foaropwurd fan Oprah Winfrey en kultuerdeputearre Sietske Poepjes.
Auteur: Amanda Gorman
Oerset troch: Friduwih Riemersma
Taal: Frysk/Ingelsk
Utjouwerij: De Ryp
Formaat: Ynbûn mei stofomslach
ISBN : 978 90 83163857
Priis : € 10.--
Bestelle kin by de websjop fan de Afûk: websjop.afuk.frl

Maitiidssang

Dan komt de maitiid, maitiid yn it lân.
Dan laket alles, alles jin sa oan.
Dy moaie maaitiid, mei syn blauwe loft,
is foar minsken en foar blom, grif it moaiste skoft.
Is foar minsken en foar blom, grif it moaiste skoft.

Ut: De tiid hâld gjin skoft

De leden fan it **Frysk Sjongkoar Swol** sjonge al jierren mei in soad nocht en wille alderhande moaie Fryske lieten. Elk dy't sjonge wol, kin lid wurde. Men hoecht de Fryske taal net iens machtich te wêzen. As der mar yn 't Frysk songen wurdt!

Freedtemoarns om 10 oere repetearret it koar yn it Moetingssintrum 'Het Anker', Voorsterweg 36, 8042 AD Zwolle (Westenholte).

It koar fersoarget sa no en dan in optreden en ienris yn't jier hawwe de leden in útsje nei Fryslân. Tidens dat útsje sjongt it koar mei in soad foldwaning ek yn in âldereinhûs earne yn Fryslân. Yn 'e simmer komme de leden byelkoar foar in gesellige midsimmermoeting.

Elts dy't fan sjongen hâldt is fan herte wolkom by it koar. Want sjongen ferbynt minsken en makket minsken bliid. Net allinne de sjongers. Ek de taharkers.

Frysk Sjongkoar Swol

Kom earst mar ris nei in repetysje. Dat jout fierders gjin ferplichting.

Nim foar mear ynformaasje kontakt op mei ien fan dizze minsken

Douwe Boersma	***foarsitter / skriuwer***	***0523 – 656802***
Jolanda Lootens	***ponghâlder***	***038 – 4200066***
Jelma Wiegersma	***diriginte***	***038 – 3311670***

(JB)

BOEKEHOEKE

By útjouwerij Noordboek is it boek *Amerikaanse boerderijen in Fryslân* ferskynd. De measte minsken tinke by Fryske pleatsen oan de trije tradisjonele modellen: de kop-hals-romp-, de kop-romp- en de stjelppleatsen. Folle minder bekend binne de nije types pleatsen, lykas de Amearikaanske modellen, dy't yn 'e earste helte fan de tweintichste iuw foar it earst yn Fryslân ferskynden.

Boarne: Noordboek
De yntroduksje fan it Amearikaanske pleatsmodel past goed by it foarútstribjende karakter fan boeren en lâneigners dy't op syk wiene nei modernisearring fan harren agraryske bedriuwen. Troch de ymport fan Amearikaanske boutechniken en materialen fia de Amearikaanske produsint Louden waarden de Amearikaanske modellen in grut sukses. Yn *Amerikaanse boerderijen in Fryslân* wurde dy opmerklike pleatsen foar it earst yn boekfoarm yn it omtinken brocht.
De skriuwers Hans de Haan en Jacob H.P. van der Vaart binne ferbûn oan de Boerderijenstichting Fryslân en diene tegearre de ôfrûne fiif jier ûndersyk nei de modernisearring fan de lânbou yn Fryslân yn 'e earste helte fan de tweintichste iuw.

ISBN 978 90 5615 823 1 | paperback | 152 pagina's | € 22,50
Amerikaanse boerderijen in Fryslân is te keap by de boekhannel en fia www.noordboek.nl.

WAT YN IT FET SIT

Freedtemiddei 8 april 2022 ***(sjoch side 8)***
Ledegearkomste yn 'Het Anker' yn Zwolle (Westenholte)
mei in optreden fan it Frysk Sjongkoar Swol en
Sietske Ypenga – Keulen mei Fryske folksferhalen.

Sneintemiddei 24 april 2022 ***(sjoch side 9)***
Middeis om 15.00 oere Fryske tsjerketsjinst mei ds. Renze Pieter Yetsenga yn de Protestantske tsjerke yn Windesheim.

Yn dit krantsje wol ik efkes oandacht freegje foar de 'Friese kerkhistorische vereniging Folk en Tsjerke'. Dizze feriening is foar de Twadde Wrâldkriich oprjuchte troch û.o. Titus Brandsma en hiet doe 'Frisia Catholica'. *Frisia Catholica* stie de kulturele ferheffing fan de roomske Friezen foar troch de fersprieding fan kennis oer it Fryske ferline, dêrby lei de klam op it tsjerklike ferline. Yn 1969 waard de organisaasje omfoarme ta it oekumenyske *Folk en Tsjerke*, hoewol't de roomske leden yn 't earstoan noch in grutte mearderheid foarmen. Harm Oldenhof, de heit fan Bouke Oldenhof, wie de earste foarsitter fan 'e nije feriening, en beklaaide dy funksje 32 jier lang. Hjoeddedei binne mear dûmnys as Roomse geastliken lid, foar safier ik dat beoardielje kin. De foarsitter is in froulike predikante; da. Y. Slik.

Yn Fryslân wiene in bulte fan dit soarte ferienings. De leden bleauwen wol lid fan de tsjerke, mar besochten harren eigen tsjinsten. Men gong nei 'it lokaal', sa dat neamd waard. De foargongers wiene gjin dûmny, mar evangelist. Yn Raalte hiene jo ek soks. Dat wie in Vrije Evangelisatie, hielendal los fan hokker tsjerke dan ek. Harren lokaal stie oan de dyk nei Wijhe. Op de gevel stie: 'De Heer Regeert'. It ûntstean fan dizze ferienings wie hiel ferskillend.

Alle jierren jout *Folk en Tsjerke* in rige artikels út oer tsjerkeskiednis yn Fryslân,

Fierder binne der jierliks twa iendeiske, tige learsume ekskurzjes. De iene kear is it reisdoel earne yn 'e provinsje, in oare kear b.g. Noard-Hollân of Grinslân. By sokke reizen komme foaral de binnen- en bûtenkant fan ferskate tsjerken oan 'e oarder, mar wurde soms ek besites brocht oan kulturele ynstellingen lykas museums. Der stiet op 3 maaie fan dit jier in reiske nei East Frsylân op it program. Reisdoel is Backhorn, Zetel en Varel: tsjerkjes, oargels (Schnitger yn Backhorn), doopfonten en preekstuollen. De Eastfryske tsjerkjes binne prachtich.
Koartlyn wie der in ledegearkomste yn de Kuriostsjerke yn Ljouwert. Der waard in ynlieding holden troch dr. Teije Osinga, de skriuwer fan *Folk en Tsjerke*. Hy is promovearre op in dissertaasje oer 'Hervormde Evangelisatieverenigingen in Nederland tussen 1855 en 1951'.

Folk en Tsjerke rjuchtet him allinnich op Fryslân. It ledetal is net sa grut, der soene wat mear by komme moatte. Om it jild hoecht it net oer te gean. It kostet mar € 10.-- yn it jier. Sjoch http://www.folk-en-tsjerke.nl

Tige de groetnis. Freerk Kunst

WURDIAN / IN NIJ SPULTSJE

Us lid **Freerk Kunst** brocht ús op 'e hichte mei it bestean fan in nij spultsje, dat op de Ynternasjonale dei fan de Memmetaal (21 febrewaris 2022) op 'e wrâld kommen is; ***Wurdian***. It is scrabble of wordfeud, mar dan op syn Frysk. Skrebbelje mei allinnich Fryske wurden.Yn gearwurking mei de Afûk ûntwikkelen Jelle Besseling en Ronald van den Berg, in Fries yn Stockholm, de offisjele Fryske fariant fan *Wurdian*.

Tagelyk mei *Wurdian* kaam noch in oar populêr spultsje; ***Wordle***. Yn it Frysk ***Wurdl***. De ynstek dêrfan bliuwt simpel: ried in fiif- of seis letterwurd yn seis beurten of minder. Spesjaal foar de Fryske ferzy binne bysûndere lettertekens as ê, â en ú, dy't yn de Fryske taal brûkt wurde, as ekstra letters tafoege. De offisjele Fryske ferzy fan it populêre wurdspultsje is te spyljen op: www.wurdl.nl.

Wurdian: in Fryske Wordfeud
De app *Wurdian* bestie al langer yn it Frysk, mar hat yn gearwurking mei de Afûk en de Fryske Akademy no ek in Fryske omjouwing. Dêrneist is de definysjefunksje yn *Wurdian* in handich taallearmiddel wêrmei't ek net-Frysktaligen al dwaande Frysk leare kinne.

De app is beskikber yn trije talen en biedt mear funksjes as it eardere *Wordfeud. Wurdian* is as app te downloaden foar Apple- en Android-apparaten fia de gebrûklike app-stores.

Men kin spylje mei in bekende, mar ek mei in ûnbekende tsjinstander. Der is in mooglikheid om te tsjetten, mar dat kin ek ôfsluten wurde.

Men hat 48 oeren de tiid om in wurd te lizzen. Hoechst dus net konstant mei de snoadfoan yn 'e hân te sitten. Der komt in tingeltsje as de tsjinstander in wurd lein hat. Twifelst oan de goede stavering, dan kinst dat kontrolearje tidens it spul. Der sit in spesjale knop foar. Dan wurdt der grien ljocht of in foutmelding jûn.

Freerk spilet *Wurdian* mei inkelde minsken ûnder de namme 'kypmantsje'. En docht dat mei in soad nocht. Hy daget elts út om it tsjin him op te nimmen. Ik soe sizze, besykje it mar!

(JB)
Mei tank oan Freerk.Kunst

Snein

Snein, 't is snein!

Lokjend rûst har lûd oer 'e wrâld;
No, myn freon, sille ús wegen skiede:
Do nei tsjerke – ik yn 't griene wâld

Mar al wykt ek dyn paad fan minen,
Op ien doel dochs geane wy oan:
Ik fûn it Yivge yn gerûs fan 'e winen,
Do sikest d'Ivige yn 'e oargeltoan.

Piter Jelles Troelstra
Ut : Samle fersen (Ljouwert 1981)

Der sitte ûnder ús leden grif lêzers fan 'It Nijs', it digitale dei- of wykblêd mei wrâldnijs yn it Frysk. Mar ek mei nijs út de Benelúks en út Fryslân. Allerhande ûnderwerpen, kwestjes en tema's komme foarby. Kultuer, mienskip, wittenskip, opiny (mei moaie kollums), sport, ferdivedaasje en waar. It Nijs wurdt al troch mear as 6.000 minsken lêzen. Wa't der ek niget oan hat, kin him har opjaan fia de webside www.itnijs.frl.

LEDEGEARKOMSTE

Troch de beheiningen dêr't we fanwegen it Koroanafirus mei te krijen hiene, koenen we yn 2020 en 2021 gjin ledegearkomste hâlde. Alles wat gewoanwei yn de ledegearkomste fêststeld wurdt, is oer de mail of de post tastjoerd mei de mooglikheid om yn in oanjûn tiidsbestek te reagearjen. As der gjin reaksje kaam, koe it bestjoer der fan út gean, dat de leden der mei ynstimden. Dat wie it útstel fan it bestjoer. Beide jierren kaam der gjin inkelde reaksje fan de leden. Dêrmei wie de saak beklonken. Mei tank oan ús leden.

Mar dit jier kinne we wer in ledegearkomste hâlde. Freed 8 april o.s. de middeis om 14.00 oere yn 'Het Anker' (sjoch folgjende side).

Der moat in nije rekkenopnimmer én in reserve-rekkenopnimmer beneamd wurde (punt 8). It bestjoer hopet, dat twa leden reewillich binne om dat te dwaan.

It doel is om yn it winterskoft 2022-2023 (punt 10) wer fjouwer middagen en/of jûnen te hâlden. Ien middei of jûn ein oktober / begjin novimber, yn desimber it krystmiel, in nijjiersgearkomste ein jannewaris en yn maart de 4e middei of jûn. Data steane noch net fêst. We hawwe wol ferskillende programma's op it each, mar we hawwe noch neat sjen kinnen. De artysten binne noch mar in pear wike op paad.

It útstel is om de ynlage noch net te ferheegjen (punt 11). Wylst alles djoerder wurdt en benammen de prizen fan enerzjy en benzine omheech fleane, hâlde wy de ynlage yn elts gefal noch ien jier op € 38.-- de man/frou. Al rint it ledetal stadichoan fierder tebek en barre we as selskip dus minder yn.

De begrutting 2022-2023 (punt 12) lit dan ek in tekoart sjen. Dêrta moat in berop op de reserve dien wurde. Dat kin noch wol ien kear, mar dêrnei sille we de beakens wol fersette moatte. Bygelyks minder of oarsoarte (goedkeapere) aktiviteiten, de ynlage ferheegje, de ynlage net ferheegje mar in tagongspriis ynstelle, of in kombinaasje fan dizze mooglikheden. Want oars komt de boaiem fan de skatkist te gau yn sicht.

Jild is nuver guod.
Wa't it brûkt, is it kwyt.
Wa't it bewarret, hat der neat oan.

LEDEGEARKOMSTE

freedtemiddei 8 april 2022 om 14.00 oere
yn 'Het Anker' Voorsterweg 36, Zwolle (Westenholte)

WURKLIST:

1. Iepening en meidielings
2. Ferslach fan de ledegearkomste *(is net hâlden)*
3. Jierferslach 2021-2022 fan de skriuwer
   (de krantsjes en nijsbrieven fan 2021/2022)
4. Jierferslach 2021-2022 fan de boekeferkeap
5. Jierferslach 2021-2022 fan de ferlottingen
6. Jierferslach fan de ponghâlder *(de siferútkomsten 2021/2022 binne op 'e jûn beskikber)*
7. Ferslach fan de rekkenopnimmers Freerk Kunst en Harmen van der Zee
8. Beneaming fan in nije rekkenopnimmer en in nije reserve-rekkenopnimmer.
   Freerk Kunst is as rekkenopnimmer ôfgeand.
9. Bestjoersferkiezing
   Sjoerd Bakker, Jan Tjerk Kuipers en Jan Bosgraaf binne ôfgeand en op 'e nij foar trije jier yn te hieren. Beswieren en/of (tsjin)kandidaten kinne foar 8 april 2022 meidield wurde oan de skriuwer.
10. Winterskoft 2022/2023
11. Ynlage foar it winterskoft 2022/2023
    It útstel is om de ynlage fan € 38.-- de man/frou net te ferheegjen.
12. Begrutting fan it winterskoft 2022/2023 *(leit op 'e jûn ree)*
13. Rûnfraach
14. Sluting

Nei it skoft is der in optreden fan it

SKOFT

En dêrnei fermakket **Sietske Ypenga – Keulen** ús mei in pear moaie Fryske folksferhalen.
Nei har prépensioen by Bibliotheekservice Fryslân is Sietske begûn om lêzingen te hâlden. Se mei graach ferhalen fertelle en docht dat mei in protte wille.

FRYSKE TSJERKETSJINST

sneintemiddei 24 april 2022 om 15.00 oere
yn de protestantske tsjerke yn Windesheim

Wat no de protestanske tsjerke is, wie eartiids de brouwerij fan it earste kleaster fan de Moderne Devoasje û.l.f. Geert Grote.
Foar de 20ste kear sil der op dit histoaryske plak in Fryske tsjerketsjinst hâlden wurde.

Foargonger is dûmny **Renze Pieter Yetsenga** út Grins.

Wim Verwey is de oargelist.

Oft it mooglik is dat in delegaasje fan it **Frysk Sjongkoar Swol** ek oan de tsjinst meiwurkje kin, is noch net te sizzen.

Nei ôfrin fan 'e tsjinst is der yn 'e boppeseal gelegenheid om in kopke kofje/tee te drinken, even nei te praten en fan it prachtige útsicht te genietsjen.

FOAR 24 APRIL 2022 KOMT GJIN KRANTSJE MEAR!

Skriuw it op! Hald de middei frij! Ferjit it net! En kom!